



Goeie

1. It is sa'n tafrieltsje dat mannich goedwollende heit de ôfrûne desennia wolris oerkommen is: "Doar ta, it siicht." Oft (At) it echt siigde is net fan belang, it giet om 'e reaksje fan 'e bern: "Praat net sa nuver. It tocht." In wurd dat foar de iene generaasje by it fokabulêre fan al den dei heart, is yn 'e eagen fan 'e folgjende generaasje âldfrinzich.
2. Gauris giet dat mank mei in betsjuttingsferskowing. As pake, in kâldenien, it oer teiich waar hat, assosjearret syn panikerige pakesizzer dat al gau mei klimaatferoaring. Mooglik sels dat er syn klaaiïng dêr fuortendaliks by oanpast. As beppe fan in huiïch of in meepsk smjunte-eintsje rept, fleane de bernsbarn nei de sinees foar in pekingein.
3. As it brûken fan alderhande nijmoadrige wurden de âlderein yrritearret, wêrom soe de jongerein dan gjin argewaasje hawwe meie fan wurden as kealôffearnje, riuwestôk of risselreauke? It ferskil is dat it guod dêr't dy âlde wurden nei ferwize net mear brûkt wurdt en dat foar it ienentweintichste-iuwske (21^{ste}-/21ste-iuwske, 21^e-/21e-iuwske) ynstrumintarium domwei gjin Fryske wurden binne.
4. Wurden as greaubrogge, kaardzje of riderssigaar foar de alledeiske spraak behâlde wolle is gjin helpensein oan. It wurde museumstikken, krekt as de artefakten dêr't se nei ferwize.
5. Alde minsken tinke graach dat eartiids alles better wie, dat in potsje dominyspylje te preferearjen is boppe de kompjûterferzje fan Mahjong Classic of Game of Thrones, om't it in grutter berop op 'e harsensellen docht; of dat in greidekuier tusken de tieneblommen, it franjekrûd en it skieppe-ear superieur is oan in stedskuier tusken C&A, Douglas en McDonald's, bygelyks om't dat lêste yn striid wêze soe mei de wijing fan 'e snein.
6. It drokst makket de âlde generaasje him faaks om it fersleiferjen fan 'e taal en it grodzemodzjen fan it Frysk en it Nederlânsk. Pake wol net al te grauerich oerkomme, mar it leafst soe er de slimste oertrêders mei in wurdboek yn in penitinsjêre ynstelling opslute.

7. Och, seit de pessimist, oer hûndert jier binne wurden as iisklup (iisclub), snieblyn, iiskob en sniefeie ek ferdwûn en is fan it Frysk allinne noch in eksoatysk 'goeie' oer, spesjaal foar de toerist. De optimist seit: "It Frysk is sa taai as hjidde."

Sietse de Vries, 2016

Tusken heakjes steane farianten dy't ek goed binne.